



**DE MEMOIRES FAN EUGENE**  
**(Brighton Beach Memoirs)**

**In tragy-komeedzje**

**fan**

**NEIL SIMON**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
**(Grimas Theatergrime verkoop)**  
**Tel: 072 - 5 11 24 07**  
**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**  
**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE MEMOIRES FAN EUGENE - BRIGHTON BEACH MEMOIRS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 1984 by Neil Simon**

**Copyright translation: 1997 by Neil Simon**

**Copyright Frisian translation: 2001 by Neil Simon**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

#### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

#### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

EUGENE - jonge man, fyftjin jier

BLANCHE - frou, achtentritich jier

KATE - frou, sawat fjirtich jier

LAURIE - famke, trettjin jier

NORA - jonge frou, sechtjin jier

STANLEY - jonge man, njoggentjin jier

JACK - man, twaenfjirtich jier

EARSTE BEDRIUW: Brighton beach, Brooklyn, New York Septimber  
1937, juns healwei sân

TWADDE BEDRIUW: Woansdei, in wike letter, sawat kertier foar sân

## **DEKOR:**

In houten fakwurkhûs, net fier fan it strân. De wat bettere arbeidersbuert, foar it grutste part bewenne troch Joaden, Ieren en Dútsers. De foardoar is rjochts. In lyts opstapke fan twa treden nei de foardoar. Binnen binne de yt- en de sitkeamer. In doar nei de keuken... In trep nei trije lytse sliepkeamers. Der binne noch twa sliepkeamers, mar dy binne net te sjen. In hal lied nei de oare keamers...

## EARSTE BEDRIUW

It is sawat seis oere jûns, septimber, en de sinne giet al wat ûnder. At it doek iepen giet sjogge wy Kate Jerome, sawat 40 jier âld, dwaande de tafel oan te setten. Har suster, Blanche Morton, 38 jier, is drok oan't wurk achter de naaimasine. Laurie Morton, 13 jier, leit langút op'e bank. Se lêst in boek. Bûten op it gers is Eugene Jerome, hast 15 jier. Hy draacht in koarte sportbroek, boesgroen en strik, in fersliten, skuorde sweater, sportskuon en in blauwe honkbalpet. Hy hat in âlde honkbalwant oan syn linkerhân en yn syn rjochterhân hâldt er in honkbal dy't sa bot fersliten is, dat er hast útelkoar falt. Hy stiet op in sabeare werpheuvel, mei syn gesicht nei links. Hy sjocht oer syn skouder nei in sabeare man op it twadde honk, dan nei de 'slachman'. Dan goait hy de bal. Dizze rekket in muorre bûten it toaniel.

EUGENE: Ien út, ien op it twadde honk, twa ballen, twa missers... Ruffing kontrolearret de man op it twadde honk, krijt it teken fan Dickey, Ruffing rekt him út, Ruffing goait... (*hy goait de bal*) Noch krekt binnen de line, de slachman hellet út! Mis! (*hellet de bal op*) Ien út, ien op it twadde honk... Ruffing kontrolearret de man op it twadde honk, krijt it teken fan Dickey, Ruffing rekt him út, Ruffing goait... (*hy goait de bal*) Leech!... Ja! Rinne, Red! Rinne!!!!

BLANCHE: (*hâldt op mei naaien*) Kate, asjebleaf. Myn holle stiet op barsten.

KATE: Ik ha it al hûndertnjoggen kear tsjin dy jonge sein. (*se ropt nei bûten*) Eugene! Hâldt op mei dy bal tsjin dy muorre te goaien!

EUGENE: Aansen, mem! Dit is foar de wrâldkampioenskippen! (*wer mei syn holle by it spul*) Ien út, ien op it twadde honk... Ruffing rekt him út, Ruffing goait... (*hy goait de bal*) O, nee! Te heech! Jo Jo More rint op syn deade gemak...

BLANCHE: (*hâldt wer op*) Kin hy dat net ergens oars dwaan?

KATE: Ik brek syn beide earms at er no net ophâldt! (*ropt*) Eugene, dit is de lêste warskôging. Hast my heard?

EUGENE: Dit is wier de lêste slach, mem. Mel Ott is oan de beurt. Dit is in belangryk momint yn de skiednis fan it honkbal.

KATE: Dyn muoike Blanche hat barstende pineholle.

BLANCHE: Hy hoecht net op te hâlden mei boartsjen. At er mar ophâldt mei dat gebûns tsjin dy muorre.

LAURIE: (*sjocht op út har boek*) Dat docht er altyd at ik leare moat. Ik ha moarn in proefwurk skiednis.

EUGENE: Ien slach noch, mem? Ik tink dat it slagget. Ik ha de slach te pakken hjoed.

KATE: En at jim heit aansen thúskomt, hast noch mear slaggen te pakken! Hearst my!

EUGENE: Al goed! Okee!

KATE: Ik wol datst NO yn'e hûs komst. Helje ris in pear glêzen wetter.

BLANCHE: Dat kin ik ek wol dwaan.

KATE: Wêrom soest? Der mankearret him neat oan'e hannen, hear. *(ropt wer nei bûten)* En ik wol gjin grutte mûle, begrepen? *(se giet werom nei de keuken)*

EUGENE: *(slacht lilk de bal yn de want. Dan docht er syn hân yn in fûst mei in gat yn'e midden, makket der in megafoan fan en ropt tsjin it 'publyk')* Attinsje... Dames en Hearen! De wedstriid fan hjoed wurdt útsteld fanwege pineholle fan ús muoike Blanche...

KATE: Blanche, foar hjoed hast wol genôch naaid. Atst sa troch gietst, wurdst noch ris blyn.

BLANCHE: Ik hoech noch mar in lyts eintsje... Laurie, leave, help do mouike Kate even mei de tafel oan te setten.

LAURIE: Noch twa bledsiden, goed, mem? Dan bin ik troch de Macedonyske oarlokken hinne.

KATE: Altyd mar leare, dat fanke. Se wurdt noch wol ris professor. *(ropt út de keuken)* Eugene!!!

EUGENE: Ik kom al.

KATE: En waskje dyn hannen.

EUGENE: Dy bin skjîn. Ik ha in want oan. *(goait de bal wer yn de want... dan sjocht er foar him út en seit tsjin it publyk)* Ik haatsje myn namme!... Eugene Morris Jerome... Dat is op ien nei de slimste namme dy't je in jonge jaan kinne. De slimste is Haskell Fleischmann... Hoe kin ik no oait foar de Yankees útkomme at ik Eugene Morris Jerome hyt?... Je moatte Jo hite... of Tony!... Of Frankie... Wie ik mar as Italjaan geboaren... Alle goeie Yankees binne Italjaansk... En ús mem docht ketchup troch de spaghetti, ik kin alle hoop wol opjaan. *(hy slacht de bal wer yn'e want)*

LAURIE: Ik bin hast klear, mem.

BLANCHE: Goed, skat. Net te hurd oerein gean, hear.

KATE: *(tsjin Laurie)* Do hast wat mear kleur hjoed, leave. Hast fan'e moarn wat fan de sinne meikrigen?

LAURIE: Ik bin nei't strân kuiere.

BLANCHE: Dochs wol hiel stadich, mei'k hoopje?

LAURIE: Ja, mem.

BLANCHE: Moai sa.

EUGENE: *(hat mei lústere... begjint wer tsjin it publyk)* ...Se krijt dizze spesjale behandeling omdat de dokters sizze dat se in rûske om har hart hat... Ik waard pal op myn achterholle rekke troch in honkbal, ik

ha in wike lang alles dûbel sjoen, en noch moast ik alle dagen boadskippen dwaan... Famkes wurde as keninginnen behannele... Miskien hie ik better as Italjaansk famke op'e wrâld komme kinnen...

KATE: (*krijt in smoarge sok fan'e flier*) EUGENE!!!!

EUGENE: Jahaaaa!!!

KATE: Hoe faak ha ik dy al net sein datst dyn rommel net slingerje litte moast!

EUGENE: Hûndert-en-njoggen kear.

KATE: Wat?

EUGENE: Juster seist: "Ik ha dy al hûndert-en-njoggen kear sein datst dyn rommel net slingerje litte moast!"

BLANCHE: Net sa bretaal tsjin jim mem, Gene!

EUGENE: (*tsjin it publyk*) Wie ik bretaal? Echt wier, dat hat se juster tsjin my sein... Der komt in dei dat ik oer dit allegear in boek of in toanielstik skriu... Ik wurd krekt sa'n skriuwer as Ring Lardner of sa... Teminsten... at it neat wurdt mei de Yankees... of de Cubs... Of de Red Sox... Of wa wit, de Tigers... Mar at ik ôfsakje moat oant de St. Louis Browns wurd ik seker skriuwer.

LAURIE: Mem, mei ik in glês limonade?

BLANCHE: Dan hoechst aansen gjin iten, leave.

KATE: In lyts gleske kin dochs gjin kwea.

BLANCHE: Goed dan. Ik sil der sa ien foar dy helje, ingeltsje.

KATE: Ik bring it har wol even. Ik bin dochs yn de keuken.

EUGENE: (*tsjin it publyk*) Net te leauwen... At oait blike mocht dat har by neier ynsjen dochs neat mankearret, fermoardzje ik har. (*giet oerein, wol it hûs yn rinne, mar bliuwt op de treden stean, begjint tsjin it publyk, fertroulik*) Hear ris, ik hoopje dat jim dit net trochfertelle... Wat ik jim allegear fertel, dat bin myn geheime memoires... De titel wurdt: "De net te leauwen, fantastyske, persoanlike, privee-gedachten fan my, Eugene Morris Jerome, yn syn fyftjende libbensjier, yn 1937, te Brighton Beach, in wyk yn Brooklyn, de steat New York, Amearika."

KATE: (*komt út de keuken mei yn de iene hân in glês limonade en yn de oare in roltsjereed*) In roltsjereed!.. Op myn keukenflier!.. Wolst my soms dea ha?

EUGENE: (*fljocht it hûs yn*) Dy ha ik dêr net del lein.

KATE: Nee? Wa dan? Laurie? Muoike Blanche? Hast ien fan dy beiden wol ris op roltsjeredens sjoen?.. (*hâldt de roltsjereed yn har útstutsen hân*) Bring daliks nei boppen... Hjir komme!

EUGENE: (*rint nei har ta, hâldt syn hân tsjin syn achterholle*) Net slaan, ik ha in harsensskodding.

KATE: Wat soest tsjin jim heit sizze at er thús kaam en ik lei dea op de keukenflier?

EUGENE: Dan soe ik sizze: "Net yn de keuken komme, heit!"

KATE: (*hellet nei him út, hy bûgt en sy mist*) Nei boppen! En weagje it net om mei smoarge hannen ûnder te kommen! (*Eugene rint de trep op. Hy draait him nei it publyk*)

EUGENE: Begripe jim no wêrom't ik alles opskriuwe wol?.. Foar it gefal dat ik in folslein ferwongen en mislearre persoan wurdt, dan wit de wrâld teminsten hoe't dat komt.

BLANCHE: (*noch hieltyd dwaande mei har naaiwurk*) It is in jonge. En hy is noch sa jong. Do soest bliid wêze moatte dat hy sa sûn en aktyf is. Foar dat de dokters der achter kamen wat Laurie hie, wie sy ek sa.

KATE: Nee. Sa is Laurie nooit west. Famkes binne hiel oars. Doe't do en ik famkes wiene, hiene wy út ús sels it hûs skjin en opromme. Mem waard stapelgek fan Ben en Ezra. (*wy sjogge Eugene boppe syn keamer yn gean en in notysjeblok en skriuwerk foar't ljocht heljen. Hy giet dermei op bêd lizzen en giet fierder mei syn "memoires"*) ...Ik bin altyd sa west. Ik wol alles graach skjin ha. Krekt as mem. De dei dat se ynpakten en it hûs yn Ruslân ferlieten, makke se it hûs fan boppen oant ûnderen skjin. Se sei: "Wat de Kozakken ús ek oandien ha, at se ús hûs binnen falle, wol ik dat se respekt foar de Joaden ha".

LAURIE: Wa wiene de Kozakken?

KATE: Fan it selde goare slach as wat hjir oan de oare kant fan de dyk wennet.

LAURIE: Oan de oare kant? Bedoele jo de Murphys?

KATE: Allegear.

LAURIE: Binne de Murphys Russysk?

BLANCHE: De mem is hiel aardich. Se wie hiel aardich foar my.

KATE: Har ruten wiene sa smoarch dat ik earst tocht dat se der swarte gerdinen foar hingjen hie.

BLANCHE: Ik bin der yn west. It wie der hiel kreas. Net ien hat syn hûs sa skjin as do.

KATE: Wat moasto dêr yn'e hûs?

BLANCHE: Se noege my op'e tee.

KATE: Om mei dat dronken hearskip fan in soan fan har yn'e kunde te kommen?

BLANCHE: Nee. Wy wiene mei syn beiden.

KATE: Ik wenje hjir al sân jier. My hat se noch nooit op'e tee noege. Want se wit yn wat foar situaasje atsto sitst. Ik kin har soart. Witst noch wat mem altyd sei? Bliuw oan dyn eigen kant fan de dyk. Diken ha net om neat goaten. (*se giet de keuken wer yn*)

EUGENE: (*skriuwt, seit lûdop*) Diken ha net om neat goaten... (*tsjin it publyk*) At ús mem wist dat ik dit allegear opskriuw, soe se my strûpe... Ik kin mar better even útlizze wat se bedoelde mei de "situaasje" fan



muoike Blanche... Har man, omke Dave, is foar seis jier stoarn... (*hy sjocht om him hinne*) oan... Dat sizze se noait lûdop. Soms flústerjend... It wie... (*flústert*) kanker!.. Ik tink dat se bang binne dat at se it lûdop sizze, dat God dan sizze sil "DAT HA IK HEARD! JIM HA DY FERSKRIKLIKE SYKTE LUDOP SEIN! (*wiist mei syn finger nei ûnderen*) EN DEROM FEROARDIELJE IK JIM EK TA DY SYKTE"... Der binne in oantal saken dêr't folwoeksenen net oer prate wolle... Us pake bygelyks. Hy is stoarn oan... (*flústert*) diftery!.. Mar goed, nei dat omke Dave stoarn wie, blykte, dat hy muoike Blanche gjin sint neilitten hie. Hy wie ek net fersekere... En sy koe net foar harsels soargje want se hat (*flústert*) astma... Dus hat ús mem mei har grutte hart doe beslist dat sy mei har beide bern by ús yn wenje mochten. Us keamer waard yn twaën splitst sadat myn broer Stan en ik oan de iene kant sliepe koene, en Laurie en har suster Nora oan de oare kant. Us heit naam oan dat it mar tydlik wie, mar se sitte hjir no al trije en in heal jier, en ik tink dat dat de reden is fan ús heit syn... (*flústert*) hege bloeddruk! (*hy giet wer fierder mei skriuwen. Kate komt út de keuken mei in karaf limonade. Se rint der mei nei Laurie*)

KATE: Nim noch wat limonade, leave.

LAURIE: (*Giet rjochtop sitten*) Tanke, muoike Kate.

BLANCHE: Stadich drinke.

LAURIE: Doch ik.

KATE: (*sjocht Blanche oan*) Blanche, sa is't wol genôch. Do bist al sûnt fan'e moarn sân oere dwaande.

BLANCHE: Ik woe krekt ophâlde.

KATE: Do naaist dyn fingers nochris oan elkoar.

BLANCHE: It wurdt no dochs te tsjuster. (*se hâldt op, leunt achteroer, wriuwt yn har eagen*) Ik leau dat ik oan in nije bril ta bin.

LAURIE: In learaar op skoalle sei dat je elke twa jier in nije bril ha moasten.

KATE: (*tsjin Blanche*) Do hiest dochs in lampke op dwaan kinnen?

BLANCHE: Ik hoech hjir de stroomrekken net te beteljen. Ik stean sûnder dat al genôch by dy en Jack yn't kryt.

KATE: Ik freegje dochs neat fan dy? Sjochsto hjir ien fan de honger omkommen? At ik fan honger deagean, dan deelsto dyn miel mar mei my.

BLANCHE: Kate! Ik sil jim op in dei alles werom betelje! Ik wit noch net wannear, mar ik hâld my oan myn wurd.

KATE: Dan silst wol te gokken moatte... Wolsto yn de keuken it sop even priuwe. Miskien moat der wat sâlt by. (*Blanche giet de keuken yn*)

LAURIE: Moat ik de glêzen klear sette of docht Eugene dat? (*Eugene hat de lêste opmerking heard en slacht lilik syn "memoires" ticht. Kate*)

*ropt nei boppen)*

KATE: EUGENE!.. Dit is de lêste warskôging! *(tsjin Laurie)* Do hoechst allinne de servetten mar klear te lizzen, leave. *(Kate giet de keuken yn. Laurie giet oerein en begjint de servetten klear te lizzen. Eugene giet rjochtop op syn bêd sitten)*

EUGENE: *(tsjin it publyk)* Fanwege har "tastân" moat ik hjir wol twa kear safolle wurk dwaan... Man, at ik ris by de Yankees wie, dan siet ik dizze winter yn St. Petersburg... *(hy rint syn keamer út de trep del)* Har suster Nora is sa slim noch net. Se is no sechtjin. Tsjin har ha ik net echt beswier. *(hy is no ûnder)* Sy is teminsten noch om oan te sjen. *(hy hellet de glêzen út de iepen kast)* Om earlik te wêzen is dit it jier dat famkes dy't der net al te raar útsjogge my begjinne op te fallen... By Nora begongen foar in moanne as acht dingen te ûntwikkeljen dy't der op wize dat se in frou is... De eksakte datum stiet yn myn deiboek. *(ynienen heare wy in stim. It is Nora)*

NORA: Mem! Laurie! Muoike Kate! *(Nora komt de twa treden op draven, it hûs yn. Sy is in bysûnder moai famke fan sechtjin en in heal jier âld, mei alle froulike rûningen op it goede plak. Se rint oer fan enerzjy en entûsiasme)* Ik ha geweldich nijs! Harkje, allegear!

EUGENE: Ha, Nora!

NORA: Eugene, myn leave, oanbidlike, knappe neef! Moatst heare wat my oerkommen is! *(se slacht de earms om him hinne, drukt him tsjin har oan en jout him in tût op syn wang. Dan giet se hastich nei de oare keamer, nei Laurie)* Ik fal flauw! Ik bin hielendal fan'e wrâld!

EUGENE: *(folslein oerdondere troch de omearming, tsjin it publyk)* Ik fielde har boarsten!.. Doe't se my fêstpakte, fielde ik har boarsten... foar it earst!

NORA: Ik kin it noch net leauwe!

LAURIE: Wat is der gebeurd?

NORA: Wêr is mem? Muoike Kate? Ik moat it elkenien fertelle. *(se draaft nei de keukensdoar)* Elkenien nei de keamer foar it grutte nijs! *(Kate en Blanche komme út de keuken. Kate is drok dwaande ierdappels te stampen yn in panne)*

KATE: Wat hat al dy drokte te betsjutten?

BLANCHE: Do bist hielendal read om'e holle.

NORA: Gean sitten, mem. Ik wol net datst op'e grûn flau falst.

KATE: Gean sitten, Blanche.

LAURIE: Mem, gean sitten. *(Blanche giet sitten)*

NORA: Jo ek, muoike Kate. Goed. Is elkenien der klear foar?

LAURIE: Hâld op mei dat rekken. Ik gean dea fan spanning.

BLANCHE: Sokke dingen meist net sizze, Laurie.

KATE: *(tsjin de oaren)* Mei ik asjebleaf heare wat dat fanke te sizzen

hat?.. *(tsjin Nora)* Gean fierder, skat.

NORA: *(in bytsje achter de pûst)* Okee! Dêr giet er dan! Ik sil optrede yn in Broaway-show. *(se sjogge har stomferbaasd oan)* Yn de musical "Abracadabra"... Dy man, menear Beckman, is in regisseur. Hy kaam fan'e moarn nei ús balletklasse en hy pikte der trije famkes út. Moandeitemoarn moatte wy om tsien oere yn it Hudson Teater wêze om audysje te dwaan. Mar doe't er fuort gong sei er dat it sa goed as seker wie dat ik dy baan krige. Moarn moat ik him belje. Miskien moat ik de stêd wol yn om der fierder mei him oer te praten. Se begjinne moandei oer in wike al mei de repetysjes en dan giet it nei Philadelphia, Wilmington en Washington... en de twadde wike fan desimber wurdt it yn New York opfierd. Der komme njoggen nûmers yn en der komt in hiel grut akwarium op it poadium, wer'st hielendal troch hinne sjen kinst, en de hele finale gebeurt ûnder wetter... ik bedoel mar, it is dochs net te leauwen? Ik sil optrede yn in Broadwayshow, Mem! *(elkenien stiet noch hieltyd perpleks)*

BLANCHE: *(tsjin Kate)* Wêr hat se it oer?

KATE: Moat ik dat witte? Bin ik har mem soms?

LAURIE: Hoe kin dat no? Je moatte dochs sjonge en akteare yn in Broadwayshow?

NORA: Ik kin sjonge.

LAURIE: Nee, dat kinst net.

NORA: In bytsje.

LAURIE: Nee, dat kinst net.

NORA: Ik kin de wize hâlde.

LAURIE: Nee, dat kinst net.

NORA: No, miskien hoecht dat ek hielendal net. Se sykje allinne mar dûnsers en dûnseressen.

LAURIE: Atst nei Broaway gietst, moatst sjonge en akteare kinne.

NORA: Hoe soesto dat witte? Do hast noch noait in Broadwayshow sjoen.

BLANCHE: Hast tsjin him sein hoe âld atst bist?

NORA: Dêr hat er net nei frege.

BLANCHE: Frege hy net hoe âld atst wiest?

NORA: Hy frege my allinne om audysje te dwaan. O god, is der dan net ien bliid foar my?

EUGENE: Ik wol. It is it meast geweldige wat ik oait heard ha.

NORA: Tanke, Eugene. Ik bin bliid dat der teminsten ien meilibbet.

EUGENE: *(tsjin it publyk)* Leave santjin! Ik sliep op de keamer neist dy fan in showfamke.

BLANCHE: Hoe moatsto yn Philadelphia komme? En hoe moat it fierder mei skoalle?

NORA: Skoalle? Mem, ik ha it oer in Broadwayshow. Dit is wat ik mei myn libben dwaan wol. Algebra en Ingelsk helpt my neat op it poadium.

LAURIE: Helpe.

NORA: Hâldt dy der bûten!

BLANCHE: Bedoelst datst de skoalle hielendal net ôfmeitsje wolst? Gjinn diploma helje?.. Witst wol hoe dreech at it is foar in famke sûnder diploma's om oan wurk te kommen?

NORA: Mar ik ha dan dochs wurk? En ik sil mear fertsjinje as tsien famkes mei diploma's.

LAURIE: Do hast dy baan noch net. Do moatst earst audysje dwaan.

NORA: Ik ha de bút al binnen. Dat hat menear Beckman sels tsjin my sein.

BLANCHE: En wat atsto, wat wy net hoopje, in foet brekst?.. Of te dik wurdst?.. Hoe lang tinkst dat se dy hâlde wolle? Dûnsjen is mar foar in pear jier. In diploma is foar altyd. Ik kin it witte, want ik ha noait ien hân. Ik wit hoe dreech at it is om fatsoenlik wurk te finen. Muoike Kate wit der ek alles fan. Sis do it har ris, Kate.

KATE: It is hiel dreech.

NORA: Wêrom litst my dan al trije jier lang balletles folgje? Wêrom sit ik twa oeren deis yn de metro, fjouwer dagen yn'e wike nei skoaltiid, fan jild datsto fertsjinnest troch heal blyn achter in ôfjakkere naaimasine te sitten? Wêrom, mem?

BLANCHE: ...Omdat ik it graach foar dy oer ha... Omdatst it my frege hast.

NORA: Dan wol ik no noch wat freegje, mem. Lit my no ris wat foar dy dwaan. Ik soe sechstich dollar yn'e wike fertsjinje kinne... Miskien sels wol mear... At ik oer twa jier fan skoalle kom, kin ik dat selde noait fertsjinje mei in diploma.

BLANCHE: (*suchtet djip*)...Ik kin no net goed neitinke. It is hast iterstiid. Omke Jack komt sa thús. Wy ha it der noch wol oer. (*se giet oerein*)

NORA: Ik moat it no witte, mem. Ik moat menear Beckman belje om him te sizzen oft ik moandei nei de audysje kom... Lit my dan op syn minst audysje dwaan. Lit my der yn elk gefal achter komme oft sy fine dat ik goed genôch bin... Sis asjebleaft foar moandei gjin nee. (*elkenien sjocht nei Blanche. Blanche sjocht nei ûnderen, nei har hannen*)

EUGENE: (*tsjin it publyk*) It wie in spannend momint, foar elkenien... ik bin gek op spannende mominten!.. Foaral at ik net deselde bin dy't de spanning feroarsake hat. (*hy draait him wer om en sjocht nei Blanche*)

BLANCHE: Och... God wit dat wy it jild hiel goed brûke kinne. Wy binne muoike Kate en omke Jack al safolle skuldich... Ik fyn dat sy hjir likefolle oer te sizzen ha... wat fynsto der fan, Kate?

KATE: *(hellet de skouders op)* Ik? Ik ha myn hiele libben noch noait stimd. Wêrom soe ik der no ynienen mei begjinne? En noch wol mei myn eigen famylje?.. Ik moat de ierdappels opsette. *(se giet nei de keuken)*

BLANCHE: Dan hinget it fan omke Jack ôf. Wy litte him de beslissing nimme. *(se wol nei de keuken gean)*

NORA: Wêrom, mem? Ik hâld wol fan him, mar hy is dochs myn heit net?

BLANCHE: Omdat ik help noadich ha... Omdat ik net altyd wit wat de goede beslissing is... Omdat ik it sis, dêrom. *(se giet nei de keuken. Laurie en Eugene bliuwe mei Nora achter, dy't der ferslein by stiet. Se stoarje har oan)*

EUGENE: ...Eugene M. Jerome út New York bringt syn stim út, en hy stimt "Ja". *(Nora sjocht him oan, barst yn triennen út en fljocht nei boppen. Laurie rint achter har oan. Eugene begjint wer tsjin it publyk)* Wat ik jim no fertel, is sa geheim en privee, dat ik ynstruksjes taheakje dat myn memoires pas oer tritich jier lêzen wurde meie... Ik, Eugene M. Jerome, bin in deasûnde begûn troch myn nicht Nora fûleindich te begearen... Ik kin jim dit no rêstich fertelle, want ik bin dochs al lang dea at jim dit lêze... At ik kiese mocht tusken in proefwedstriid mei de Yankees of twa-en-in heale sekonde har bleate boarsten sjen, rekke ik noch behoarlik oan it twiveljen...

KATE: *(komt út de keuken)* Ik ha net genôch bôle.

EUGENE: *(draait him gau om)* Wat?

KATE: Ik ha te min bôle. Gean gau even nei Greenblatt en helje in farske bôle.

EUGENE: Alwer? Ik bin fan'e moarn noch nei de winkel west.

KATE: En no gietst wer.

EUGENE: Ik moat altyd nei de winkel. At ik grut bin, is dat it iennichste wat ik kin. Boadskippen dwaan.

KATE: Wolst net?.. Lit dan mar. Dan gean ik sels wol.


EUGENE: Net dwaan! Dan fiel ik my skuldich. Ik gean wol.

KATE: En in pakje bûter.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**